

By sêne 1

Aventoer!

Hyt! Grien!
Hyt! Grien!
It is hjir hyt! It is hjir grien!
It is hjir hyt! It is hjir grien!

Trije kear riede: wêr wolle wy jim hinne ha?
Nei-ssh! Lit se riede (Yn elts gefal net nei
LEEUWarden of WOLVEga)

Hyt! Grien!
It is hjir hyt! It is hjir grien!
In bjusterbaarlik plak
dat nochal bot van thús ferskilt
en sin' en will' is mear as jild yn bosk en iepen fjild

Trije kear riede: wêr sjonge wy no einliks oer?
Oer-ssh! Lit se riede (it is der frij brodzig en it rûkt
nei aventoer)


Aventoer! Aventoer!
It rûkt en klinkt as aventoer,
it sjocht derút as aventoer
Tiid om mei de sleur te brekken
der is noch sa'n soad te ûntdekken

Aventoer! Aventoer!
It rûkt en klinkt as aventoer,
it sjocht derút as aventoer
As tûzen aventoeren! Boek de Jungle!
(Foar in pear oeren)

De Jungle! De Jungle! De Jungle is in Kick!
Gean op aventoer en ûntdek dyn wiere IK!

Wy sil' jim begeliede, kom allin' of yn in groep
Dit kinne wy jo biede: Een Vijf Sterren Jungle
Kompleet Met Echte Apenpoep!

Aventoer! Aventoer!
Aventoer! Aventoer!
Aventoer! Aventoer!



By sêne 3

Gierenliet

“Happy days are here again
met droogte en met sonneskeen
wij vrete ons der dwars deurheen
happy days are here again!”

De jungle dat is un vreettent,
Un groate snackbar foor un gier
De jungle dat is un kerkhof
en daarom benne wij graag hier
De jungle dat is un pizza
mei flink veul vis en vlees
De jungle dat is shoarma,
de jungle is un afhaalchinees

Oo, kiek nou es omhoog:
de son, die groate vriend van alle gieren
Oo, wat wudt ut lekker droog,
aanst ligt ut hier weer vol met dooie
dieren

Doen jou mij un portie warme zebra!
Half om half? Ja, dat is goed
En daarbij nog graag un dikke milkshake.
Welke smaak? Olifantenbloed
O wat is ut mooi om gier te wezen,
doen mij nog in fette berehap
en om de smaak fut te spoelen
graag in bytsje papagaaiensap

De jungle dat is un vreettent,
Un groate snackbar foor un gier
De jungle dat is un kerkhof
en daarom benne wij graag hier
De jungle dat is un pizza
mei flink veul vis en vlees
De jungle dat is shoarma,
de jungle is un afhaalchinees

Maar sorg dat ut goed vers is,
Anders gaan je aan de rees!

By sêne 5

Gûle as in wolf

Ik wit noch wat ik juster die,
ik wit noch wa't ik juster wie
Ik hearde by de jungle en de jungle
hearde by my
Hear ik no yn ien kear samar nergens
mear by?

Ik wit noch wêr't ik juster gie,
ik wit noch wat ik juster hie
Myn libben yn 'e jungle en ik tocht:
It libben is goed
Mar de jungle fan juster is oars as
de jungle fan hjoed

*Wa bisto? Wat dochtsto hjir?
Wat soesto? Wat wolsto hjir?
Gûle wol ik, gûle as in wolf mei alle
wolgen!
Wa bisto? Wat dochtsto hjir?
Wat soesto? Wat wolsto hjir?
Gûle wol ik, gûle as in wolf!
Ik wol net gûle as in minskewelp!*

*Minskwelp, minskewelp,
keal en lyts en swak
De jungle is gefaarlik
en do bist hjir net te plak*

Ik wit no dêr't ik juster stie,
is hjoed fol eangst en ferrie
Ferrie, ferrie, ferrie

Wat bin ik? Wat doch ik hjir?
Wat sil ik? Wat wol ik hjir?
*Wa bisto? Wat dochtsto hjir?
Wat soesto? Wat wolsto hjir?
Gûle wol ik, gûle as in wolf mei alle
wolgen!
Wa bisto? Wat dochtsto hjir?
Wat soesto? Wat wolsto hjir?
Gûle wol ik, gûle as in wolf!
ik wol net gûle as in
Minskwelp!
minskewelp!*

By sêne 8

Dwers troch de jungle

Dwers troch de jungle wer nei hûs
dwers troch de jungle mei ús
Tûzen beammen en lianen
en dêrtusken tûzen paden
mar dit paad dat bringt ús wer thús

Koest it earst net fine,
rûnst kear op kear ferkeard
Mar doe fûn ik it paad,
is alles dochs noch goed beteard

Dwers troch de jungle wer nei hûs
dwers troch de jungle mei ús
Tûzen beammen en lianen
en dêrtusken tûzen paden
mar dit paad dat bringt ús wer thús

Oeral reade blommen, in prachtich moai
gehiel
Mar de moaiste reade blom
dy stiet te bloeien yn dyn siel

Tonger en fjoer!
It kwea is wer ferslein
Tonger en fjoer!
En wy bin oan'e ein
Fan ús ferhaal. Fan ús ferhaal!

Dwers troch de jungle wer nei hûs
dwers troch de jungle mei ús
Tûzen beammen en lianen
en dêrtusken tûzen paden
mar dit paad dat bringt ús wer thús
mar dit paad dat bringt ús wer thús!